

Fergút

Kolofon

ISBN: 978 90 8954 151 2

1e druk 2011

© 2011 Oersetting: Klaas Bruinsma

Eksimplaren binne te bestellen by de boekchannel of rjochtstreeks
by de útjouwerij:

Utjouwerij Elikser B.V.

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

Postbus 2532

8901 AA Ljouwert

Til: 058-2894857

www.elikser.nl

Foarmjouwing omslach en binnenwurk: Evelien Veenstra

Foto omslach: Universiteitsbibliotheek Leiden.

Dizze útjefte waard mei mooglik makke troch in bydrage fan de
provinsje Fryslân.

provinsje fryslân
provincie fryslân 

Niets uit deze uitgave mag worden verveelvoudigd, opgeslagen in een geautomatiseerd gegevensbestand en/of openbaar gemaakt door middel van druk, fotokopie, microfilm of op wat voor wijze dan ook, zonder voorafgaand schriftelijke toestemming van de auteur en de uitgeverij.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

Guillaume le Clerc

Fergút

neffens de útjefte fan Rombauts, de Paepe en de Haan,
útjûn by Verloren, Hilversum 1994

Oerset troch Klaas Bruinsma



Ynlieding

I Boarne en auteur; ien hanskrikt yn de UB te Leien

Fergút is in Britse ridderroman, d.w.s. út it fermidden fan kening Artur mei syn ridders fan de Rûne Tafel. Mar de haadpersoan Fergút heart dêr krekt nèt by.

De tekst (5600 fersrigels) datearret út de twadde helte fan de 13de ieu. It ferhaal is net oarspronklik, mar in Nederlânske bewurking fan de Frânske ridderroman Fergus fan Guillaume le Clerc (Willem de Klerk). Fan dy auteur is fierder neat bekend, inkeld dit: hy wie in neifolger fan Chrétien de Troyes, de earste dichter fan de aventoerlike romans.

Willem syn Fergút dy't, lykas de Walewein, motiven fan mearkes befettet, toant in opfallend ferskil mei oare romans. De haadpersoan is nèt in ferneamde held fan Artur syn hof. Gjin pommerant, nee, mar in sljochtwei boerejonge dy't dochs ridder wurdt úteinlik.

II It ferhaal yn de Nederlânske bewurking.

Fergút is it súksesferhaal fan in soan fan boer Somilet en syn frou, dy't wòl fan adel is. De jonge, troch syn strange heit oan 't wurk set efter de ploege, sjocht de jachtstoet fan de kening foarbygean. Dat makket yn him de winsk wekker om ek nei 't hof ta. Hy ferpoft it swiere wurk langer en freget wapens. Syn heit, earst poer, jout ta, as syn mem foar him opkomt. Mei in rustige wapenrissing giet er op wei.

Hy wurdt oanfallen troch rôfridders, mar

Hy sloech de kop har ôf, wêrnei't
er beide hong oan syn gereid.
(rr. 575 en 576)

Op syn hynder rydt er de grutte hofseal fan Artur yn, ta hún fan hear Kai. Mar de kening bliuwt hoflik en Gawein nimt it foar de knoffelkont op. Op dy syn pleit wurdt Fergút ta ridder slein. Hy kriget de drege opdracht de Swarte Ridder te ferslaan en in jachthoarn en in wale te heljen. Dat is de tradisjonele *queeste* (speurtocht). Fergút slacht oare oanfallers net dea, mar stjoert har nei Artur syn hof.

Underweis moetet er de moaie Galine, in omkesizzer fan de slothear, dy't him gastfrij ûntfongen hie. Galine ûntflammet fuort yn leafde foar Fergút. Fergút soe mar ien nacht bliuwe. Galine kin net yn 'e sliep komme, en hja giet nei Fergút syn sliepkeamer ta, en hja leit har hân op syn hert. Fergút wurdt wakker en hja seit him:

Ik ha ferlern myn hiele hert!
(r. 1476)

en hja freget:

Jou wer myn hert; dan is 't goed foar mij!"
Fergút sei: "Is 't gekjeierij,
jonkfrou? Nea haw ik sjoen jo hert.
't Hat hjir net west. Mar ik sis net,
dat ik 't net joech, as 'k hie dy skat.
Ik ha 't nea sjoen, frou. En no fuort!"
(rr. 1479-1484)

Jo sjogge, de sûch moat noch hiel wat leare, foardat er him
folslein ridder neame kin. Mar hy fielt hieltyd djipper de
leafde foar Galine, dy't ferdwûn is:

(hy) ... mymr' oer Galin' en troch de minne
rekke er daliks bûten sinnen,
en smertlik hertsear joech dat dwilen.
't Lik' oft de duvel dermei spile.
(rr. 2765-2768)

en

De leafde joech him grutte smert.
(r. 3025)

Syn sûn ferstân wie him ûntwotten.
(r. 3036)

Oer de krêft fan de leafde seit de auteur:

De leafde hat sa'n grutte krêft,
wannear't hja immens geast djip treft,
betwingt hja him ynkoarten tûk.
En hja begûchelt him temûk.
Dêrom kin gjint foar har him hoedzje.
Dy't tinke dat hja 't bêst befroedzje,
dy lit hja dwale 't aldermeast.
Yn har stjoert hja har sterke geast
om har t' oanbidden as in god.
Hja makket fan de wiz' in sot.
Hja makket dwazen wiis en froed.
Hja docht d' ien kwea en d' oare goed.
Rûnom hearsket har macht sa foars.
Hja draaft noch rapper as in hoars
en nimmen kin har dus ûntride.

En wa't hja wol lit hja útglide.
(rr. 2769-2784)

Fergút ferslacht de rôfridders en de piraten. Hy komt by it slot mei it magyske wite skyld, dat bewekke wurdt troch in reuzinne, in mâl wiif mei in seine. Hja is de frou fan Lokkefear: Lucifer, de duvel.

Fergút ferslacht frou Pantasale en in serpint, en moetet de reus dy't it wite skyld wer ha wol. Fergút slacht him in earm, in hân en de holle ôf, en syn lytse poppe wurdt troch Fergút yn 'e slotgrêft fersûpt (rr. 3623 - 3626).

De kening Galarant wol Galine ha, de frouwe fan de Rikestins. Hja wegeret syn oansyk en no sil hy har mei brút geweld wol krije. Galine rêdt tenearsten har folk troch mei Galarant ôf te praten: eltse partij sil in kampioen (in foarfjochter) beslisse litte wa't har krijt. Galarant stjoert Macedoan, mar Lunette, boade fan Galine, krijt net ien fan de hofridders mei. As Galine dat heart by Lunettes thúskommen, wol hja harsels fan kant meitsje:

'k Stek leaver my mei 't dolkmes dea,
eardat ik doch dy foarst syn wil."
(rr. 4660-4661)

Fergút rydt nei Rikestins, mar wurdt fijannich ûntfongen. Macedoan skelt him út: Hear skythús, hoeresoan! Macedoan wurdt deade troch Fergút, dy't Galarant twingt om genede te freegjen en finzene te wurden fan kening Artur.

Galine freget Artur har in nuttige man te jaan:

Ommers, wy froulju binne swak
(r. 5049)

Artur antwurdet:

Jonkfrou, wie Gwiniwier al dea,
dan soe 'k jo nimme ta myn frou,
(rr. 5057-5058)

Om in man foar Galine te finen, wurdt in toernoai hâlden en alle pommeranten binne oanwêzich, ek Fergút. Hy hat spyt fan syn reaksje op Galine har leafde. Hy fjochtet as anonime ridder fûl, en stekt alle ridders út it seal. Tsjin 't sin fan kening Artur en de dames giet ek Gawain it perk yn. Fergút wol net tsjin him duellearje, mar biedt him syn hynder oan en hy wol yn tsjinst fan Gawain stean. De kening biedt Fergút oan Galine oan, mar har gefoelens binne op syn minst koel te neamen. It komt har yn 't sin: Oh, ja ...

... dat dit wie de man,
dy't har beroofd hie fan har sinnen
en ôfwiisd hie har wier beminnen.
Galine skamme har hast dea
en waard om bar skier, bleek en rea.
't Sjen fan Fergút moast har oandeare.
Galine sei: "Ik sil 't ferneare ...
(rr. 5548-5554)

Tusken it trouwen en de brulloft stiet:

Elts hate d' oare net sa slim.
(r. 5559)

Fergút giet mei Galine nei Rikestins en set him in kroan op.

Hy hie de moaie frou Galine
mei blidens, hiel syn libbensbaan.
(rr. 5588-5589)

Dan folget in gebed en dan noch in presintaasje fan it gedicht oan mynhear, de patroan fan de dichter.

III In lytse analyze

1 Ridderskip.

It ridderideaal is gjin kristlike moraal, mar dat wie it yn de midsieuwen wol. Doe stroffelen hja blykber net oer al dy bluodderige gefjochten, ynklusyf de barbaarske died fan Fergút, dy't in ûnskuldich bern fersûpt.

Doch kin men jin ek ferwûnderje oer Fergút syn barmhertichheid as er de banditen net deadet, mar har nei de kening stjoert. Dy toant har syn genede en rjochtet sels in banket foar har oan.

De Fergút as ûntwikkelingsroman biedt noch in oar perspektyf. De adel wie blykber net sa'n ûnnimbere fêsting, dat nimmen fan in oare, legere stân kâns hie dêrta op te klimmen. De domme boerehufter (tajûn, syn mem wie fan eal komôf) berikte troch syn heldhaftige eksploaten en de galante beskerming fan froulju einlings syn doel: sels ridder wêze. Ja, hy waard sels twaris ridder slein. Boppedat wûn er syn leafste Galine. Dêrom is de Fergút in optimistysk wurk.

2 Froulju en de leafde

Ofsjoen fan de mythyske reuzinne Pantasale, dy't de frou is fan Lucifer, de duvel, wurde froulju leafdefol en geunstich tekene: Galine, Lunette, en alle dames oan it hof, en ferjit net Fergút syn mem. De posysje fan froulju wie oars as no, fansels. It begryp emansipaasje wie ûnbekend. Galine seit:

Ommers, wy froulju binne swak.
Wy kinne net fûl strid' en fjochtsje
en ek it lân net lied' of rjochtsje.
(rr. 5059-5051)

Dêrom smeeft hja de kening om in man. Hja wol in fâd (!) ha:

... dy't nut is foar myn folk en lân."
(r. 5015)

Dy krijt hja, al hat hja op 'e troudei gjin gleone leafde mear.

De froulju binne moai, leaf, soarchsum, beskieden, willich en warber. Mar dyselde Galine doarst doch wol wat oan: de leafde makket dapper of sels bretaal. De skriuwer hat de froulju tekene mei in knap psychologysk ynsjoch. En hy hat de tsjoenkrêft fan de leafde ek knap beskreaun (sjoch 2769-2784, ek neamd ûnder II),

3 De humor

De skriuwer fan de Fergút jout faak blyk fan in droege humor. Dat past hielendal by de ûnnoazele, knoffelige Fergút fansels, dy't letterlik efter de ploege weikomt en

gjin hege, hoflike manieren fan de grutlju en hegereinken. Syn boerewiisheden binne kostlik:

Amper rein komt nei hurde wyn.
Dy't bang is krûpt it nôtfjild yn.
(r. 1331-1332)

Ek brûkt er – lykas it Frysk – understatement mei in snedige spot, bygelyks tsjin de wrede frijer Galarant:

Jo binn' in stek te fûl foar har.
(r. 4685)

Ek hear Kai, de narre, wurdt gauris kidele. Yn 'e sleat lizzend skreaut er:

... myn bilbonk' is yn twaën brutsen.”
(r. 5235)

De dichter hat syn styl oanpast by Fergút syn miljeu; hy skrillet net tebek foar wurden as *skythús* en *hoeresoan*.
(fl. 4699). En sjoch ek:

... 't swit rûn as pisse 'm oer de eagen.
(r. 368)

4 Beslút

Fergút is in fleurich boek, it begjint en einiget mei in feest. Op it brulloftsfeest is it lokkich pear feriene. De boerehufter is in folslein ridder wurden. En nettsjinsteande al it bloedferjitten kin men bytiden ek wol laitsje. En yn alle earnst: wa't dat wol, kin ek noch wol wat leare oer de leafde en/of oer frouljusherten.

Fergút

1 Kening Artur hie grutte lof
 ûntfongen op syn dei fan 't hof.
 En op in dei fan Pinkster wie 't
 * en yn syn stins, dy't Kardigan hiet.
 5 Dêr wienen ridders, hoflik, fernaam
 en yn 'e ridderskip bekwaam,
 dy't 'k allegearre neame soe,
 as 'k tocht dat dat syn nut ha koe.
 Oan my is dit ferhaal ferteld,
 10 sa't ik nei ûndersyk jim meld:
 Dêr wie oanwêzich hear Gawain,
 * syn wapenbroer ek, hear Iwain;
 en Persewal en Lancelot
 * en ek hear Kai en Sagremot
 15 en mannich oare hege ridder,
 dy't ik net neame sil hjir fierder.
 Nei 't miel fermakken hja omraken
 har mei triktrak-spul en mei skaken.
 Guon seinen oaren oan in barren
 20 dat min betearde' alear foar harren.
 En by de hân naam hear Gawain
 syn wapenbroeder hear Iwain,
 dy't hy nea lef of falsk fûn hie,
 sûnt dy foar 't earst troch him kard wie.
 25 Twa maten wienen hja; sa fêst
 ha nea twa grutte spitsen west.
 Elk keas de oar om't er him woe,
 wylst nimmen dy twa skiede koe.
 Hja namen sit, wêrnei't hja beiden
 30 in protte dingen kalm oereiden,
 dy't harren oerkomd wien' alear.
 Wyls kaam de foarst yn har petear,
 en naam in sit tusken dy twa.
 Hommels oerein no sprongen hja

- 35 en seinen: “Wolkom, hear, woll’ jo
in skoftke by ús sitte no.
Gean sitten, nim jo trekken waar.”
“Nee,” sei de foarst, “ik fyn it waar
sa moai en helder; ’k wol net wachtsje.
- 40 Ik wol op jacht fuort gean en jachtsje
* yn ’t wâld fan Gorjend; dat is ’t gea
fan ’t wite deimhart, dat noch nea
de felle byt koe fan myn hûnen.
Dat hat er gau goed ûnderfûn en
- 45 as ’k him yn ’t fjild berinne kin,
sil er ’t djoer bekeapje, nei myn sin.
Dogg’ jim myn wil mar; jim binn’ stjoerd.”
Hear Gawain sei: “My tinkt, ’t is goed,
hear, wat jo sein ha; ’k sis gjin nee.
- 50 As jo dat wolle, binn’ wy ree.”
De feinten sprongen daliks klear.
Elk seale ’t hynder fan syn hear.
Hja laden har pakhynders fuort,
smieten der kisten op en guod.
- 55 It pakguod wie ek ree mei hast.
En hânsum sprong yn ’t seal de foarst.
Hy wie in kreaze man en stoer.
Nea wie in kening syn partoer
en nimmer lik’ in ealman better.
- 60 No naam er op in hoarn en sett’ er
de stêd út, krekt sa hurd er koe,
omdat er nei it wâld ta woe.
D’ eallju dy’t selskip dienen hjoed,
dy wienen talryk en fol moed.
- 65 De treflike mynhear Gawain
wie yn de hofflikheid folslein.
Hy ried nêst d’ eale keninginne.
Dy hie in mantel om har hinne

- fan harmlingsbûnt, tsjin sinneskyn.
70 De seam fan sabelbûnt, hiel fyn,
ombuorde fraai it hiele klaad.
Nea hat men sjoen sa'n ryk gewaad.
Gjinien koe 't priizje neffens rjocht
by 't skroarske, dy't dit pronkstik wrocht.
75 Sa kamen hja by 't wâld oanriden.
De kening loerde helt fan tiden
en speurde rûnom nei 't wyt hart.
En hy rôp Persewal apart
en hiet syn jagers rap te kommen.
80 Op dat stuit hien' hja 't hart fernommen:
bûten it wâld stie 't by in boarne.
Doe hat de foarst hear Iwain moanne
en liet er los de hûnen skrippe.
Elts hie de hoarn set oan de lippen.
85 Hja rieden nei har doel mei faasje.
It hart sprong op yn konsternaasje
en fleach yn eangst nei de rivier en
doe liet de foarst de leie fiere.
De hûnen blaften lûd en sljocht.
90 De jagers hienen will' en nocht.
Hja jagen mear as trije milen
en skeaten op it dier har pilen.
't Bist sprong yn 't wetter ta behâld,
in stream dy't rûn bylâns it wâld.
95 It hart ferskûle 'm yn 't leech reid.
De hûnen ha oeribel geid.
De ridders bliezen lûd dy't kamen.
Doe't hja it hart yn 't reid fernamen,
binne hja rap dêrhinne tein.
100 It hart sprong deabenaud oerein.
Yn 't wâld ûntwiek it as de wyn
en stau derút in delling yn.

De jagers wienen 't einlings gram,
 wêrom't elkien in jachthûn naam
 105 en 't hart neisiet fan tichteby.
 De brakken snúfden 't bist opnij
 en makken heiselik rumoer.
 It jagersfolk wie dryst oerstjoer
 en elts blies op syn hoarn; fan fierren
 110 wie yn it dal 't geblaf te hearren
 en 't fûle ramen fan de hûnen.
 Mar 't hart wie harren dochs ûntrûn en
 liet fier de hûnen nei op 't steed.
 De kening sward' in djoere eed:
 115 Hy soe nea stake dizze jacht
 troch 't bosk of fjild by dei noch nacht,
 oant dat it hart wier fongen wie,
 hoe 'n muoite 't wa ek koste hie.
 Sa waard it ridderfolk ferblide.
 120 De foarst rôp krigel oan syn side
 syn hiele ridderskip, ja, elk.
 Hy naam in tige grutte tsjerk
 yn hannen, dy't fan giel goud blonk,
 en hy sei ta, dat hy him skonk
 125 oan wa't it wyt hart fange koe.
 Elk ridder strûsd' op 't hynder doe
 't hart efternei op bêste fang.
 't Hart flechte fuort, it freesde bang
 it deadsgefaar, 't libbensferlies.
 130 D' iene ridder skeat, de oare blies.
 't Hart him' yn 't wâld en hieltyd fierder,
 jage troch mannich moedich ridder.
 Ek hûnen joegen 't dier tamtaasje.
 It bist skeat mei in fûle faasje
 135 del yn in sompe. Mei toarst en switten
 wie 't bist hast barsten fan 'e hjitte.

't Wie doe dat Persewal ferskynde,
dy't ried en siet heech op in hynder.
't Wie oan in rôfridder ûntnommen.
140 Yn draaf hie hy it hart fernommen.
Hy koe syn spear mei útswaai strekke
en tocht, hy hie it bist goed rekke.
It dier woe lykwols noch net dea.
It flechte fluch yn 't delgeand gea.
145 Mar d' eale ridder Persewal
folge it flechtsjend hart oeral.
It hart wie fier foar him; de ridder
draafde krankyl en fris noch fierder.
De foarst wie dêrom opsternaat,
150 want hy wie wurch en woe it paad
wer mei syn folk op 't doel ta stappe.
Hja koenen 't wyt hart dochs net snappe.
Dy hearde 't draven fan de ridder.
Hy ried noch wol in eintsje fierder,
155 mar sei: "Wit dat 'k gjin geunst mear bied –
by God! – wa't dit hart rinne liet!"
Hja rieden op en draafden no
't hart efternei, dat foar har bleau,
rapper as hja betinke koene.
160 Hja achten harren raar betsoene,
ja, alle ridders yn it bûn.
It hart wie harren slim ûntrûn.
Sels as hja hast twa myl noch gongen,
hie hien 't wyt hart dochs net fongen.
165 Hja hien' ferlern de striid mei 't hart.
De kening hie fergees sels sward,
hie net de ridder Persewal
it hart hjitfolg' oer berch en dal.
't Hart hie him út it wâld wei ret,
170 oft Persewal dat woe of net.

* 't Hart naam yn 't Glasgow-wâld syn wei
 en Persewal 't dier efternei,
 fluch troch it wâld mei rap gefjouwer,
 wol trije milen, ja, sels fjouwer.
 175 Sa rekk' er yn in frjemd lân doe,
 dêr't 't folk God en syn tsjinst net koe.
 Dat frjemd lân hiet fan Indegal.
 In brak wie maat fan Persewal.
 Dy hûn hold 't spoar fan 't hart goed fêst.
 180 En Persewal seach wêr't 't hart rêst
 naam: oan de ein fan in holle kleau.
 Persewal skreaud' in lûde skreau,
 hyste syn hûn oan ta de wreck.
 De tonge hong 't dier út 'e bek,
 185 hy wie sa wurch en slim ynein.
 Dochs sprong er ta in raam oerein.
 De toskens sett' er 't hart yn 'e hûd.
 Dat hage Persewal hiel goed.
 Hy rôp: "Hâld fêst dy fûlekaan!
 190 Ik sil dy fuort beskerming jaan."
 It hart, dat doe in poel yn sprong,
 waard troch de hûnebyt betwong.
 Dat mêde 'm ôf mei felle moed.
 De kop fan 't hart wie read fan 't bloed.
 195 No like 't faai mei 't hart: 't bist doek,
 wylst er de bek wiid iepen loek
 ta drinken; 't toarstgjen die him leed.
 Mar 't wetter wâle yn dy need
 mear as 't ferlet wie yn 'e swolge.
 200 It hart sprong op: 't hie ál te folle.
 It bist woe fierder fan dit plak,
 mar waard fuort oangrypt troch de brak.
 Doe sprong it deawurge dier wer tel
 hiel djip yn it rivierwiet del,